

E-mail DFS: skriuwer@friesdammen.nl
Ynternet: www.friesdammen.nl
Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake
Kooistra st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- ◆ **“Nocht&Kriich”** Aldegea-SWF, F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com

- ◆ **“De Skyfkes”** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedzjum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl

- ◆ **“Stryk Op”** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com

- ◆ **“Hallum”** Harmen van der Meer, Luniastate 15,
9074 MC Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com

- ◆ **“Hartwert e.o.”** Sjoerd Teake Kooistra, Gabbemastr. 21,
8701 EE Boalsert, 06-17316709
damkluphartwert@live.nl

- ◆ **“De Rûge Wolf”** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl

- ◆ **“O.K.K.” Jorwert** Siebren Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com

- ◆ **“De Stadige Strikers”** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrj.20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:

Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup. It ledejild is € 15,- Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

39 ste jiergong

nûmer 1

novimber 2017

Einredaksje:

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XH De Jutryp
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21, 8734 GD Easterein
IBAN NL40RABO 034.95.02.072
ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it bûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer:

- Foarsitter: Liuwe Westra, Waaksenserwei 2, 8823 SX Lollum
liuwe.westra@mensa.nl 0517-469245
- Skriuwer: Fedde Wiersma, Van Eijsingaleane 21,
8734 GD Easterein, wiersmafedde@gmail.com 0515-332401
- Ponghâlder: Jelle Wiersma, Roede 1, 8732 CT Wommels,
jellewiersma@kpnplanet.nl 0515-335349
- Ferskate kommisjes

OER ALLES FERSKYNT TRIJE KEAR YN IT JIER

FAN DE REDAKSJE

Jim lêze it earste fan de trije nûmers Oer Alles fan it damjier 2017-2018. Omtinken foar wikselingen yn it haadbestjoer en in wiidweidich ferslach fan it Europeesk Kampioenskip. It earste toernooi yn de oanrin nei de grutte útsmiter: it wrâldkampioenskip te Ljouwert. Nijsgjirrige partijfragminten út Skearnegoutum en Aldegea en de lotting foar de Fryslân Kup komme oan de oarder.

FANÛT IT HAADBESTJOER



Op 6 oktober waard ôfskie nommen fan Siebren Dijk as skriuwer fan it Dambûn. Jierrenlang hat er him ynsetten foar ús moaie tinksport. Elts hat syn ferslagen mei niget lêzen, tige tank Siebren! Foarsitter Liuwe Westra oerlanget him nei in tankwurd in moai boek. Ien fan syn lêste plichtplegingen wie it útrikken fan de Zilwo-beker, foar de bêste seizoen-prestaasje. En de beker gie al wer nei Foeke Tiemensma. Lyk yn punten mei Jelle Wiersma, mar mear earste plakken.

Dan komt no Jelle Wiersma oan it wurd. As nij bestjoerslid stelt hy him foar:

“Sûnt de Bûnsgearsit fan 6 oktober bin ik bestjoerslid by it Dambûn Frysk Spul. Foarsitter Liuwe Westra frege my foar de simmerfakânsje om yn it bestjoer te kommen. Want Siebren Dijk sil it bestjoer ferlitte. Nei’t ik it inkele wiken yn berie hie, haw ik tahappe mei de meideiling dat ik net skriuwer wurde woe. Uteinlik die by de fergadering bliken dat ik ta ponghâlder bombardearre wie. Liuwe woe ek net skriuwer wurde en dus bleau Fedde oer en koe ik syn plak oernimme.



Sa as de measten wol witte wenje myn frou, ús twa bern en ik yn Wommels. Ik haw it damjen leard yn Skearnegoutum en sit der noch altiid op de klup. Yn Wommels bin ik dwaande om it Frysk damjen op de kaart te setten. Ien kear yn 'e moanne komt in groep by inoar om te striken.



Myn wurk is boekhâlder werby ik jierrekkens meitsje en fiskale oanjeften en alles wat der mar by komt sa as bygelyks fiskaal advys. Hjir troch wurdt je ek al gau ta ponghâlder ferkeazen. Fierders mei ik njonken it damjen noch graach oare sporten dwaan sa as badminton en fytsen. Ik hoopje op in moaie periode yn it bestjoer en dat we it damjen Frysk Spul noch lang spylje meie.”

LOTING EARSTE OMLOOP FRYSLÂN KUP

Foar it tredde jier set de Fryslân Kup wer útein. Alles ûnder lieding fan de Blauhúster Skyfkes. Op 27 oktober is lotte yn kluphús Sie-Sa mei wer 'beker-krakers' der by. De earstneamde spiler spilet op de igen klupjûn om Sinterklaas hinne wurdt lotte foar de twadde omloop.




Hein de Vries - Tjerk Wijbinga	Teake Kooistra - Marcel Altena
Siebrén Dijk - Bauke Dijkstra	Dicky v.d.Meer - Siebe Walinga
Sjouke Attema - Willem Hoekstra	Bauke Bos - Marten Walinga
Jelle Wiersma - Sietze de Jong	Leo Altena - Folkert Groenveld
Gertjan van Kamp - Beke Haanstra	Piet Sikma - Klaas Wiersma
Manfred de Wolff - Liuwe Westra	Jappie de Jong - Rein Jan Walinga
Willem Schaap - Eppie Bootsma	Cor Kooistra - Jurjen Frankena
Pieter Hoogterp - Fedde Wiersma	Bernard Kroon – Johan Flapper
Herman Terwisscha v.Scheltinga - Johannes Hoekstra	

FRAGMINTEN NOCHT&KRIICH

(Folkert Groenveld)

Tsjin Rein Jan Walinga, dy't wyt hie, spile ik op de klupjûn fan Nocht&Kriich in moaie partij en it gie sa **1.32-27 19-24 2.27-22 17x28 3.33x22 18x27 4.31x22 17x37 5.38x27 11-17 6.43-38 20-25 7.49-43 15-20 8.35x15 5x25 9.36-31 34-30** Dit is in drege iepening.

Wyt hat net folle setten, mar swart kin der ek samer op de kop ynrinne. De Aldegeaster skilder hie ferline jier de Jutriper sa noch te pakken by it



Frjentsjer Open. No liket de ôfruil troch 36-31 it bêste.

10.38-33 30-35 11.42-38 folle oars hie wyt ek net

11. ...20-24 12.31-26 16x36


13.46x26 6-11 14.47-42, sjoch diagram Swart kin no taslaan mei 14. ...25-30!! En der folget

15.45x23 10-15! 16.34x5 11-16!
17.5x19 16x20 as 15.40x29 13-19
16.45x25 17-22 17.27x20 10x28
18.33x22 11-17 19.22x11 7x49
as 15.34x23 10-15! 16.45x5 11-16!
17.5x19 16x20.

24-29 15.39x19 13x24 En no liket wyt him rêde te kinnen troch 16.33-29 mar dan soe folgje 16.

...35x33 17.29x20 10x30 (sjoch diagram) en komt de slachset

18.40x20 1-6 19.43x23 11-16
20.41-36 6-11! 21.26x6 9-14!
22.20x16 11-17! 23.16x18 8x46
24.8x6 46x10 (19.38x29 11-16
20.41-36 6-11 en it selsde). Op
18.38x29 30x28 19.27x29 1-6
en is de driging net foar te
kommen.



Werom nei de partij.

16.43-39 24-29 17.34x23

sjoch diagram **17. ...11-16!**

18.26x6 8-13! 19.6x19 9x26


20.27x7 1x12 Wyt hâldt in minne stân oer. Nei in tsiental setten wie it dan ek út.

Henk Haanstra hie mei swart krekt **38. ...24-30** spile. (sjoch diagram)

Nei 39.36-31 16x36

40.47-41 36x47 41.44-40 47x35

42.45x5 soe folgje 42. ...2-7 en rekke ik de daam wer kwyt en



Hy sloech **31.44x13? 4-9! 32. 13x4**

17-21 33.26x17 11x22 34.9x27 16-


21 35.6x26 en joech op. Nei

bygelyks 31.40x9 4x13 32.44-39

20-25 33.39-34 13-19 34.41-37 17-

22 (net 17-21 om 34-29) 35.35-30

11-17 36.45-40 hie wyt it ek oprûn.



soe ferlieze. Dus wachte ik in set en spile **39.18-22** Mar hie winne kind

troch 40.27-22 36x38 41.44-39

38x40 42.45x5. Henk struts **39.**


...14-20 en doe wie it te let, want nei

de daamslach nei fjild 5 folge 20-25

en 8-13

Siebe Walinga die nei **30.34-30**

25x34 de ferkearde



JELLE WIERSMA 16-e KAMPIOEN SÂNFURD

It 16-e kampioenskip Frysk damjen fan Sânfurd gie nei Jelle Wiersma. Yn de lêste omloren tsjin ûnder mear Foeke Tiemensma en Folkert Groenveld krige hy de punten net fergees. Mar de persoanlik kampioen en hâlder fan de Fryslân Kup wûn dochs alle partijen. Lykas wenst wie it wer in gesellige boel op Sânfurd mei in bakfol oan fleisprizen. De wichtichste



útslaggen mei de trije heechsten per klasse en tusken heakjes de stân op de einlist. Eareklasse-1 1.Jelle Wiersma, Wommels 6pt(1).; 2.Foeke Tiemensma, Frjentsjer 5 pt.(2) 3.Folkert Groenveld, De Jutryp 4pt.(5);

Eareklasse-2 1.Cor Kooistra, Nijlan 4,5pt(3); 2.Willem Schaap, Dearsum 4,5pt.(4); 3.Bauke Dijkstra, De Tynje 4pt.(6);



Haadklasse A 1.Rein Jan Walinga, Aldegea-SWF 4pt.(7);

2.Marcel Altena, Blauhús 4pt.(9); 3.Jappie de Jong, Blauhús 3pt.(13);

Earste Klasse 1.Bauke Bos, Sint Nyk 3,5pt.(11); 2.Meike van der Meer, De Jutryp 3pt.(14);

3.Sjouke Attema, De Gaastmar 2,5pt.(16);

Twadde Klasse 1.Jolke Groenveld, Sânfurd 2 pt.(19);

2.Minne Posthuma, Aldegea-SWF 2pt.(22); 3.Durk Rijpma,

Aldegea-SWF 2pt.(23);

Tredde Klasse 1.Almar Stegenga, Aldegea-SWF 2pt.(21); 2.Klaas Weerstra, Sânfurd 2pt.(24); 3. Nanning Dijkstra, Wommels 1pt.(25);

IT EARSTE EUROPEESK KAMPIOENSKIP

Nei in lange taryeding koenen de dammers los te Amsterdam. It earste Europeesk Kampioenskip is mei in tal oare toernooien de opmaat foar it Wrâldkampioenskip. Dat wurdt yn 2018 te Ljouwert ferspile. De Stifting



WFD (Wrâldkampioenskip Frysk Damjen) ferset yn de persoanen fan Marten Walinga en Liuwe Westra in bealch fol wurk mei alle toernooien dy't op priemmen steane: it Italiaansk en Tsjechysk kampioenskip en ek dat fan Afrika. Fierder wurdt der noch in toernooi yn de 'zone Ruslân' ferdamd. En dan oare maitiid earst it Nederlânsk kampioenskip

te Harns, tagelyk mei it NK hoeks damjen dat WFD ek organisearret. Fansels oar jier ek wer it Frjentsjerter lepen en dan de grutte finale, mei yn it ramt fan Kulturele Haadstêd 2018.

It tall-ship 'Artemis' dat oan de NDSM-pier oan it IJ te Amsterdam lei, wie de prachtige lokaasje fan it EK.

De earste omloop

Renauld Braye – Herbert Tulleken 0-1

Kees Tijssen – Folkert Groenveld 0-1

Hans Jansen – Leo van Dorp 1-0

Sjoerd Couperus – Auke Zijlstra 1-0

Lossen Savane – Patrick Casaril 1-0

Piet Sikma – Alexander Georgiev 0-1

Herbert Tulleken út Amsterdam hat it wakkere goed dien mei syn oerwinning op Renauld Braye út Luik. Tulleken is in skaker dy't in jier lyn it Fryske damjen noch net koe, en kwalik ûnderfining hat mei wedstryddamjen yn it Fryske spul. Dêrfoaroer hat Braye al gâns kearen meidien oan it ynternasjonale toernooi Frysk damjen yn Frjentsjer.

Leo van Dorp, in folsleine debutant yn it Fryske spul, die it ek tige goed yn syn spul tsjin Hans Jansen, dy't beskôge wurdt as ien fan 'e sterkste dielnimmers oan it toernoai. Jansen wûn it spul, mar Van Dorp hat al in fisitekaartsje ôfjûn fan syn kwaliteiten as tinksporter!

Tige spannend wie it spul fan Piet Sikma tsjin mearfâldich wrâldkampioen Alexander Georgiev. Sikma hie in bettere pesysje en ek mear tiid, mar ferlear de kontrôle oer it spul om 'e tritichste set hinne. Lykwols kaam der noch in goed spannend einspul, dat lang om let wûn waard troch Georgiev dy't op in gegeven stuit ek al in hout foar stie.



Kees Tijssen

Twadde omloop

Herbert Tulleken – Hans Jansen 0-1

Folkert Groenveld – Losseni Savane 0-1

Alexander Georgiev – Sjoerd Couperus 0-1

Auke Zijlstra – Kees Tijssen 0-1

Patrick Casaril – Renauld Braye 0-1

Leo van Dorp – Piet Sikma 0-1

Oan it twadde boerd spilen de Fryske grutmaster Folkert Groenveld en Losseni Savane, foar wa't dit noch mar it twadde toernoai Frysk damjen wie, in skitterjende partij. De iene driging folge op 'e oare, mar hieltiten bleau it spul yn 't lykwicht. Oan it begjin fan it einspul hiene beide mannen noch in seis houtsjes, en doe tocht Groenveld dat er in houtsjes winne koe mei in direkte oanfal. Mar efterstrike koe net! Savane fûn it goeie antwurd en koe dêrnei mei in ienfâldich damsetsje winne.

Alexander Georgiev en Sjoerd Couperus, mei syn 87 jier de nestor fan it toernoai en in libbenslang striker, spilen ek in prachtpartij. Oan 'e ein fan it middenspul stie Georgiev justjes better ek al hied er hieltyd net folle tiid mear, mar hy koe de winst net fine. Oan 'e ein slagge it Couperus om troch te brekken, en doe't er in wolf helle hie wie it spul ek út. Syn houtsjes stiene presys goed. Auke Zijlstra, al is er in hikke en teine Fries, waard oerspile troch Kees Tijssen, dat dan ek in earsten stik ûnderfining hat. Doe't syn tsjinstanner gjin goeie set mear hie,

makke Tijssen mei in fraaie set in ein oan it moardzjen. It spul fan Renault Braye en Patrick Casaril waard al it kampioenskip fan België neamd, en beide mannen diene dan ek alle war om har ein net slûpe te litten. Casaril kaam yn tiidneed, mar wist in moaie driging op te bouwen op 'e lange hoeke fan swart. Mar Braye fûn in manier om dat wer om te

bûgen nei in driging yn wyt syn lange hoeke, en dêr koe Casaril it antwurd net mear op fine. Dat sadwaande is Renault Braye no offisjeus Belgysk kampioen Frysk damjen. Lykwols, Casaril hie ek wat te fieren: hy is hjoed 56 wurden.



Georgiev mei swart tsjin Braye en dêrefter Piet Sikma

Tredde omloop

Hans Jansen – Sjoerd Couperus 1-0
 Losseni Savane – Herbert Tulleken 0-1
 Renault Braye – Alexander Georgiev 0-1
 Piet Sikma – Folkert Groenveld 0-1
 Kees Tijssen – Patrick Casaril 1-0
 Leo van Dorp – Auke Zijlstra 0-1

Sjoerd Couperus fersinde him justjes yn 'e iepening, en dêr makke Hans Jansen fuortendaliks gebrûk fan. Nei in pear setten yn it middenspul op moast Couperus opjaan. In fraaie oerwinning foar Jansen! Herbert Tulleken spile in prachtspul tsjin Losseni Savane. Op in gegeven stuit slagge it him om in houtsjie foar te kommen, mar dêrmei wie it spul noch net út. Dat de manne wrotten troch, en op Tulleken seach kâns om Savane yn in kombinaasje te twingen dat er by einsluten twa houten foar kaam. Doe woe Savane it wol leauwe, en hy joech de hân. De earste oerwinning wie lykwols al foar Auke Zijlstra, dy't rillegau in fraaie kombinaasje fûn tsjin Leo van Dorp. Lykwols, yn 'e

einslach soe Zijlstra fjouwer houtsjes slaan – oant de tablet oanjoech dat it sân wêze moasten ...

Tuskenstân 1 3 pt: Hans Jansen 2-7 2 pt: Couperus, Groenveld, Tulleken, Savane, Tijssen, Georgiev 8-10 1 pt: Zijlstra, Braye Sikma 11-12 0 pt: Casaril, Van Dorp



Hans Jansen mei wyt tsjin Couperus en dêrnjonken Herbert Tulleken

Fjirde omloop

Folkert Groenveld – Hans Jansen 1-0
Sjoerd Couperus – Losseni Savané 1-0
Herbert Tulleken – Kees Tijssen 0-1
Alexander Georgiev – Auke Zijlstra 1-0
Piet Sikma – Renauld Braye 1-0
Patrick Casaril – Leo van Dorp 1-0
Nei fjouwer omlopen is der in spannende stân ûntstien: mar leafst fiif spilfers geane oan kop mei allegear trije punten. Prachtspullen, dy't útfochten wurde moasten oan 'e lêste houten ta, wiene dy fan Groenveld en Jansen en Couperus en Savané.



Tijssen liet syn masterskip sjen tsjin Tulleken: op in gegeven stuit helle er in wolf, dy't Tulleken lykwols wer fange koe. Mar ûnderwilens hie Tijssen der in skitterjende set yn breide: hy joech no Tulleken in wolf, dy't dêrnei op fjild 16 bedarre – en Tijssen sloech der yn ien kear sân stikken ôf. Ut wie it. Bysûnder wie ek it spul fan Georgiev en Zijlstra.

Georgiev brûkte mear tiid, mar koe dochs hieltiten druk hâlde op Zijlstra syn stân. Op it lêst hiene beide spilers noch mar in goede menút yn in yngewikkelde stân, en yn dy sitewaasje seach Zijlstra ien fan de ûnderskate drigings oer de kop. Sa wûn Georgiev de partij.

Fiifde omloop

Jansen – Georgiev 0-1

Tijssen – Couperus 0,5-0,5


Tulleken – Groenveld 0-1

Savané – Sikma 1-0

Zijlstra – Casaril 1-0

Braye – Van Dorp 1-0

Nei fiif omlopen bestiet de kopgroep (Groenveld en Georgiev: 4 punten; Couperus en Tijssen 3,5 punt; Jansen en Savané 3 punten), út trije ynternasjonale en trije Fryske spilers. Dêr is de organisaasje wakkere wiis mei, want dat is it doel fan it hiele wrâldkampioenskip: de nije Fryske dammers moatte like sterk wurde as deselden dy't it fanâlds al



Leo van Dorp en Herbert Tulleken

spilen. Tige spannend wie it spul fan Jansen en Georgiev. Beide mannen hiene net folle tiid mear doe't der noch altyd wol in 20 houten op it boerd stiene yn in lestich spul. Beide koene sa'n bytsje trochbrekke nei de daam. Lykwols, Georgiev wie der krekt wat earder en helle in moaie set út, en doe wie de partij yn ien keardien. Like spannend wie it spul fan Tijssen en Couperus. Op it lêst stie Couperus winliken better, mar it slagge Tijssen om der noch in kamp út te skuorren – de earste fan it hiele toernoai! Sikma hie syn partij tsjin Savané sikuer opboud en stie better, mar woe krekt wat te graach nei daam. Hy die in ûnderstreek dy't twa houten fan Savané op slach sette, en dy koe doe tsjin Sikma syn rún oan plakke. Sikma moast nei de midden fan it boerd ta slaan, en Savané hie folle earder in wolf en makke it spul doe maklik út.

Sechsde omloop

Groenveld – Georgiev 0,5-0,5

Jansen – Tijssen 0-1

Couperus – Sikma 1-0

Van Dorp – Savané 0-1

Zijlstra – Braye 1-0

Casaryl – Tulleken 1-0



Tijssen liet syn behearsking fan 'e iepeningstéory sjen tsjin Hans Jansen. Dy makke in flater yn 'e eraste setten, en Tijssen kaam foar te stean en krige ek noch in daam. Jansen struts manmoedich fierder, mar moast nei in goed oere dochs belies jaan. De moaiste partij wie dy fan Groenveld tsjin Georgiev. De mannen holden it

lykwicht der hieltiten yn, ek al wiene der oan beide kanten moaie drigings. Beide kamen likernôch tagelyk ek yn 'e tiidneed, mar noch altiten makken se gjin fan beiden flaters. Dat op it lêst waard it spul fertsjinne kamp – mar watfoar ien! No steane der wer fjouwer spilers boppenoan mei elk mis 4,5 punt.

Op de sneontejûn kaam der noch besite fan ûnder mear Jean Marc Ndjofang, mearfâldich Afrikaansk kampioen en twadde fan de wrâld by it hoeks damjen. Hy is dyjinge mei de pet op. Marten Walinga jout in taljochting op it boekwurkje dat hy



skreaun hat oer in iepening fan Jurjen Tolsma. De ferneamde tinksporster dy't yn trije disciplines, hoeks damjen, oer alles en skaken, mearfâldich Frysk kampioen waard.

Omloop 7

1. Sjoerd Couperus - Folkert Groenveld 0-1
2. Alexander Georgiev - Kees Tijssen 1-0
3. Losseni Savane - Auke Zijlstra 0-1
4. Renaud Braye - Hans jansen 1-0
5. Piet Sikma - Patrick Casaril 1-0
6. Herbert Tulleken - Leo van Dorp 1-0

Sjoerd Couperus fersinde him yn 'e iepening fan syn partij tsjin Folkert Groenveld. Hy ferlear twa houtsjes. Ien koed er werompakke, mar it betsjutte wol dat er it dreech krige. Oan 'e ein fan 'e partij offere Groenveld syn foardielige skiif werom, om dêrnei troch te rinnen nei daam.

Tusken Georgiev en Kees Tijssen wie it in strategysk spultsje. Mei elk mis noch sân houtsjes hie Tijssen syn ferdigening net hielendal mear op oarder, en doe koe syn Russyske tsjinstanner trochrinne nei daam. Mar dêrfoar hie Tijssen lykwols de hân al útstutsen.

De partij tusken Patrick Casaril en Piet Sikma wie ek lange tiid in strategysk gefjocht. Op it lêst hiene beide spylders noch fjouwer houtsjes oer, en doe waard it Casaril dúdlik dat it mei syn strategyske mooglikheden dien wie. Dat Sikma wûn.

It wie lang dreech om te sizzen wa't der yn 'e striid tusken Zijlstra en Savané it bêste foar stie. Mar doe ferlear Zijlstra in houtsje, en dat betsjutte de ein fan 'e pot.

Renaud Braye spile in geweldige wedstriid tsjin Hans Jansen. Hy sette in pear houtsjes fier nei foaren, en wie sa slúchslim om ien dêrfan nei daam trochrinne te litten. Even dêrnei wie it mei Jansen gebeurd. Leo



van Dorp ferlear al yn syn iepening tsjin Herbert Tulleken twa houtsjes, en dat bleik tefolle te wêzen.

It Frysk Spul hat de Belgen Patrick Casaril en Renaud Braye en de Afrikaanske dammers Jean Marc Ndjofang en Lossini Savané wakker yn de besnijing.

Omloop 8

1. Groenveld - Zijlstra 1-0
2. Georgiev - Savane 1-0
3. Tijssen - Braye 1-0
4. van Dorp - Couperus 0-1
5. Sikma - Tulleken 0,5-0,5
6. Casaril - Jansen 0-1

Auke Zijlstra koe it tsjin Folkert Groenveld lange tiid folhâlde, mar doe kombinearre dy nei daam en wie de bûtenfries dach. Losseni Savané fersinde him tsjin Georgiev twa kear. De eerste kear koste him dat in houtsje, en by de twadde noch ris twa. En trije houtsjes is skippersrjocht. Renaud Braye ferdigene him tsjin Kees Tijssen as in liuw. Folslein ûnnedich offere er op 't lêst in skiif. Doe't Kees dêrnei ek noch ris trochbruts nei daam, moast de Bels de holle wol bûge. Leo van Dorp rekke al yn it begjin fan syn partij tsjin good old Sjoerd Couperus in houtsje kwyt. Hy warde himsels dêrnei noch och sa, mar yn it einspul kaam der noch in houtsje by, en doe wie it spultsje oer en út. De meast spektakulêre partij yn dizze omloop wie dy tusken Piet Sikma en Herbert Tulleken. It gong der oan 'e ein, mei tiidneed, ferlies oan konsintraasje en mieningsferskil oer it tal damsetten, allegearre sa mât om wei dat net mar rjocht dúdlik wie hoe't ien en oar om en ta gong wie. Doe ha de beide mannen de fredespipe mar oanstutsen, en dêrmei wie de einútslach kamp. De striid tusken Hans Jansen en Patrick Casaril wie al gau beslikke. Jansen koe in houtsje op 'e daamline krije, en Casaril syn oerbliuwende posysje siet dêrnei gjin mesyk mear yn.

Barraazje

De barraazje tusken Alexander Georgiev en Folkert Groenveld wie ek spultechnysk it hichtepunt fan it toernoai. Mei fyn spul sette Georgiev syn tsjinstanner hyltyd mear ûnder druk. Likegoed kamen beide



matsjedoaren úteinliks út op elk mis ien daam en ien houtsjie. Sels mei safolle úttinne materiaal is it yn it Frysk damjen mooglik om de partij te winnen. Georgiev bewiisde it.

De oare barraazjepartij, dy tusken Sjoerd Couperus en Kees Tijssen, wie in singulier gefal. Tijssen koe op in stuit 7 (sân!) houtsjies slaan. Dat seach er lykwols oer de kop; de wurgens nei in lang toernoai hie tink taslein. Couperus wûn de partij úteinliks ek noch, nammers wol nei in prachtige kombinaasje.

Einstân (mei barraazje)

1. (6,5 pt. +1) Alexander Georgiev 2. (6,5 pt. +0) Folkert Groenveld 3. (5,5 pt. +1) Sjoerd Couperus 4. (5,5 pt. +0) Kees Tijssen 5-7 (4 pt.) Hans Jansen Losseni Savane Auke Zijlstra 8-9 (3,5 pts.) Piet Sikma Herbert Tulleken 10. (3pts.) Renaud Braye 11 (2 pts.) Patrick Casaril 12 (0 pts.) Leo van Dorp



De priiswinners Sjoerd Couperus, Alexander Georgiev en Folkert Groenveld


ANALYSE BARRAAZJE EK 2017

(Jelle Wiersma)

Fan freed 19 oktober oant en mei 22 oktober waard yn Amsterdam it Europeesk kampioenskip spile. Folkert Groenveld en Alexander Georgiev waarden diel 1^e mei 6,5 punt en moasten noch in barraazje spylje mei elk 20 minuten op de klok plus 10 sekonden foar elke set. Op it ein wie foar beiden de tiid hast om en wy it tige spannend.

De partij ferrûn sa


1. 34-30 20-25 2. 31-26 25x34 3. 40x29 19-23 Hjir sette de 'bûtenlanners' faker mei útein. **4. 44-40 23x34 5. 39x30 18-23 6. 40-34 14-19 7. 32-28 23x32 8. 33x31** Alexander kiest foar ferienfâldiging. In skerpere fariant is 45-40 of gewoan 35-30 **8. ... 19-24 9. 34x14 9x40 10. 35x44** yn eardere wedstriiden sloech Alexander ek faak nei efteren, posisjoneel wurdt er sterker. **10. ... 13-19 11. 44-40 19-24 12. 40-35 3-9** leit foar de hân mar hindert Folkert letter yn de partij **13. 37-32 10-14 14. 49-44 17-21 15. 26x17 12x21 16. 44-40 14-20 17. 31-26** Alexander hat in set wachte mei dizze set omdat de 15^e set Folkert moai ôfruilje kin **17. ... 9-14 18. 26x17 16x18** in bytsje ferrassend mar Folkert hat ek net folle kar **19. 41-37 11-16 20. 32-27 24-30** mei dizze ôfruil komt Folkert der moai út **21. 35x24 14x34 22. 40x29 18-23 23. 29x18 8x26**




Folkert sjocht it en spilet **10-15**

No is it in lyweardige stân. Better wie om krekt oarsom ôf te ruiljen, dus is de 22^e set 18-22 27*18 8*30 en dan fol de oanfal op de rjochter hoeke fan wyt. **24. 43-39 20-24 25. 37-31 26x37 26. 42x31 15-20 27. 38-32 20-25 28. 32-27 7-11 29. 31-26 5-10** Der wurdt posisjoneel damd mar se moatte it febrekke en besykje no ek kombinaasjes op te setten **30. 46-41** sjoch diagram Wyt hat no in oanfal fia 36-31, 16*36, 41-37, 36*40, 45*.

31. 41-37 11-17 32. 27x7 2x11 Folkert ruilet ôf. Hy hat wol yn 'e gaten dat der net dgau troch wyt syn rjochterflank brekke kin. **33. 37-31 11-17 34. 31-27 17x37 35. 47x27 15-20 36. 39-34 24x44 37. 45x43 20-24** sjoch diagram.




It begjint no spannend te wurden. **38. 43-39 4-9 39. 48-42 24-30** spitigernôch kin 9-13 net fanwege 36-31, 16*36, 41-37, 36*40, 50*13 mar oars hy swart fia 6-11, x, 13-18, x, x der in slachje yn **40. 39-33 9-13 41. 42-37 1-7** it liket dat wyt no dochs de oerhân kriget. **42. 37-31 13-19 43. 33-28 19-24** Mei de folgjende stân.




It folgjende leit foar de hân **44. 28-23 24x22 45. 27x18 30-34** Hjir makket Alexander in tinkfout. Hy tocht dat 50-44 net koe fanwege 7-11, 44*24, 25*12 mar dan kriget hy in daam. **46. 18-12 7x18 47. 26-21 16x27 48. 31x13 34-39** dit niget nei kamp (34-40, 50*30, 25*34 wie direkt kamp). Mar sjoen de beheine tiid fan de spilers is alles mooglik.

49. 13-9 39-43 50. 9-4 43-48 51. 4-10 48-34 sjoch diagram



Alexander sjocht hjir de winst oer de holle. 4-32, 34*31, 36*27 is winnend.
52. 36-31 34-45 53. 10-46 25-30 54. 31-26 45-1 55. 46-41 6-11 56. 41-36

56. ... 30-35 hjir lit Folkert wer in kâns lizze. Mei 11-17 hat hy der in oanfal yn. De daam kin net fersetten wurde en die ienige mooglikheid is 50-44 Of 50-45 en nei 1-6 komt it net goed foar wyt.




57. 26-21 11x31 58. 36x9 1-6 59. 9-14 6-1 is net goed, wyt kin no skiif 35 oanpakke 60. 14-5 mar dat docht er net op de goeie manier, wer 1-6 en it is kamp 1-45 ? 61. 50-44 en Folkert ferliest. Troch de tiidsdruk wiene der kânsen foar beiden. Alexander Georgiev wint en is kampioen.

PARTIJ-ANALYSE ÚT SKEARNEGOUTUM

(Jelle Wiersma)

Cor Kooistra en Bauke Dijkstra spylje elk seizoen wol in pear kear tsjin elkoar. Is it net op de klup dan is it wol op de kampioenskippen. Disse kear troffen se elkoar op de klup. Bauke mei swart en se kamen yn neifolgjende stân telâne.




Cor is oan set en spillet 1. **38-33** Bauke liket it bettere spul te hawe mar besiket de winst te forsearjen fia 1. ... **25-30** 2. **35x24** **15-20** 3. **24x15** **9-14** 4. **15*13** **7-12** 5. **13*11** **1*34** en sa op it each moat dit slachje. Cor ferfolget mei 6. **46-41** **34-39** 7. **41-37** **39-43** 8. **45-40** As Bauke no in daam hellet dan wurdt it of kamp (nei 49 en dan 37-32) of Bauke ferliest (nei 48 en dan 40-35 en swart rekket de daam kwyt). Bauke spilet 6-11 en jout twa

houten (hat gjin hout mear oer) en sil mei de daam besykje de houten fan Cor op te fretten. 8. ... **6-11** 9. **26*17** **43-48** 10. **36-31** 32-28 is net goed fanwege 48-43 Bauke spilet no ek **48-43** en nei 11. **17-11** wurdt it kamp troch **43-21** 12. **11-6** **21*45** **6-1** 17-12 wurdt ek kamp. Op de 8^e set fan Bauke wie 6-11 misskyn net de sterkste. 16-21 hie better west. Cor moat no 1 skiif slaan en dan Bauke nei 43-48, 36-31 wer ferplicht en dan wer 48-43 mar wyt kin no net nei plak 11 en dat is krekt it ferskil.

Troch de hjerstfakânsje wie it op de klup yn Skearnegoutum net sa drok en dan wol it wolris gebeure dat der tsjin 2 damd wurdt. Jelle Wiersma siet tsjin Willem Schaap en Sjoerd Jan Bakker en omdat der noch in oar net kaam spile Willem noch tsjin Tineke Teigeler. By harren kaam it folgjende stantsje op it boerd.


Tineke mei wyt spilet **1.44-40** om in skiif nei de kant te krijen foar 15-10 mar dat sil net slachje. **1... 38-43 2. 40-35 9-14 3.15*13 43-49** Tineke kin no ek nei daam rinne, mar komt fan in kâlde kermis thús.




4. 13-8 49-32 5. 8-2 32*46 6.2*5 en dan **25-20** swart sil winne troch de ôfruil en dan spilet de erfaring dan toch noch mei. Wie yn de stân 25-20 net better ? 38-42 sil kamp wurde fanwege dat skiif 43 nei 34 brocht wurdt foar ôfruil Dan 26-31, 41*21, dat liket kamp te wurden mar nei 38-42, 21-16, 42-48, 16-11, 48-42, Willem jeit it hout op en der is gjin hâlden mear oan. Tineke wie der tichteby.

De oare partij siet Willem mei swart tsjin Jelle en der kaam ûndersteande stân op it boerd.

Jelle stiet der sterk op en kin eins net folle ferkeard dwaan. 49-43 en dan 39-33 hie oan alle yllúzjes fan Willem in ein makke. Mar Jelle spile **50-44**, Willem kin no ôfruilje mei winst ta gefolch, 6-11, 21*1, 12-17, Jelle moat mei de daam 3 slaan 1* 24 en mei 14*21 sil Willem winne. Willem seach it net en spile **14-19, 38-32, 10-14** in



moaie punt, **44-40, 14-20, 25*14, 19*10, 40-35, 10-14** en hjir makket Jelle noch in foutsje. Hy ruilet ôf mar hie better plak 20 besette kinnen. No docht Willem dat en dan hat hy der wer moaie flypflapkes ynsitten, sjoch de folgende stân.



Mei 20-25, 35*15, 4-10, 15*4, 7-11, 4*16, 6* ... moat Jelle der goed om tinke. **39-33** hat noch gjin gefolgen, skiif 6 slacht dan nei 39 en dan kin Jelle slaan. **4-10** de slachset bliuwt der yn sitten.

33-28 is de ienige, **18*38, 32*43, 12-18** Willem hâldt de slachset der wer yn. Misskyn hie in oanfal op skiif 35 fia 10-15 en dan 20-25 better west. **43-39** wer eins gjin kar. **7-12** en wer de slachset, **39-34** is ek wer ferplichte en dan moat Willem no wol de slachset utfiere oars lûkt hy oan it koartste ein. **20-25, 35*4, 12-17, 4*11, 6*28,**

Willem hat wol earder in daam mar dan hat der noch in skiif fan Jelle op slach en dertroch wurdt it kamp. Sa sjogge jin dat yn wylde partijen der noch in soad mooglik is.

WEDSTRIIDLIST 2017 – 2018 (Z = telt mei foar Zilwo-beker)

13 okt.	Sânfurd, 16 ^e Iepen Kampioenskip	Kampearuorkerij Ykema, 20.00 oere	Z
19 - 22 okt.	Iepen Europeesk Kampioenskip	Amsterdam, oan board Artemis	
24 okt.	Hartwert, âldereinpartij 55+ It Terphûs, 13.30 oere	Opjaan by Piet Sikma 0515-569561	
7 en 14 nov.	Jorwert, Kampioenskip fan Littenseradiel, elk kin mei dwaan; ¾ oere op 'e klok	'Wapen van Baarderadeel', 19.30 oere, opjaan Willem Dijkstra 06-28655441	Z
11 nov.	Bûnswedstriid jeugd en pupillen De Gaastmar, oanfang 13.30	opjaan by Liuwe Westra 0517-469245 <i>liuwe.westra@mensa.nl</i>	
21 nov.	Hartwert, 55+, 13.30 oere	opjaan foar 20 nov 19.00 oere	
23 nov.	Kampioenskip foar skoalbern FRYSK!	Tresoar, oanfang 10 oere, mei lunch	
24 nov.	Jorwert, miniklup-fluchdam-kamp. 4-tallen 15 minuten op de klok	'Wapen van Baarderadeel', 19.30 Opjaan foar woansdei 22 nov. 21.00 oere by W.Dijkstra 06-28655441	
1 des.	Lollum, de Rûge Wolf, "it Rûge Boerd" Stryk-ta 30 minuten op 'e klok plus 10 tellen de set.	19.30 oere, opjaan 06-34561133 as martenwalinga@hotmail.com Doarpshûs de Nije Haven	Z
15 des.	Skearnegoutum, de Stadige Strikers, Stryk-ta-partij 40 minuten op 'e klok It Swettehûs, oanfang 19.00 oere	It Swettehûs, oanfang 19.00 oere. Opjaan tongersdei 14 desimber 19.30-21.00 by Y.Boelens 0518-451795 of via meel <i>twilling@kpnplanet.nl</i>	Z
29 des.	Nederlânsk kampioenskip FRYSK! Tresoar	Opjaan bij Marten Walinga 06-34561133 martenwalinga@hotmail.com	
???	Bûnswedstriid jeugd en pupillen	Oanfang 13.30; opjaan by Liuwe Westra <i>liuwe.westra@mensa.nl</i> 0517-469245	
6 jan.	Hartwert, 1½ oere op 'e klok 'It Terphûs', oanfang 10.00	Opjaan by Sjoerd Kooistra, 06-17316708. <i>damclubhartwert@live.nl</i>	Z
13 jan.	Klupkampioenskippen yn kafee Noflik Easterein, 9.30 oere	Opjaan foar 11 jan. by Fedde Wiersma wiersmafedde@gmail.com	

16 jan.	Hartwert, 55+ partij, 13.30	opjaan foar 15 jan. 19.00 oere	
20 jan.	Foarronde kampioenskip Jeugd en pupillen	13.30 oere Opjaan by liuwe.westra@mensa.nl	
26 jan.	Blauhús, Klubhús SieSa, oanfang 19.00 oere, Strykta-partij 40 minuten op 'e klok	Opjaan tongersdei 25 jannewaris fan 19.00 – 21.00 by B. Kroon 06-22684264 of <i>b.h.kroon@hotmail.com</i>	Z
30 jan.	Hartwert, 55+, 13.30 oere	opjaan foar 29 jan.19.00 oere	
3 feb.	1e en 2e rûnte Persoanlik Kampioenskip	De Gaastmar, doarps hús oanfang 10 oere	
6 feb.	13.30 Hartwert, 55+ 19.30 3e rûnte PK Jorwert	opjaan foar 4 febr. 19.00 oere Piet Sikma, 0515-569561	
10 feb.	4e en 5e rûnte Persoanlik Kampioenskip	Aldegea-SWF, It Joo, oanfang 10 oere	
17 feb.	6e en 7e rûnte Persoanlik Kampioenskip; finales kampioenskip jeugd en pupillen	Skearnegoutum , Swettehús 10 oere Oanfang 14.00 oere (jeugd en pupillen).	Z
20 feb.	13.30 Hartwert, 55+	opjaan foar 19 feb. 19.00 oere	
27 feb - 2 mrt	Fryslân Open, www.frisiandraughts.com	Frjentsjer (klippers)	
2 en 3 mrt	Grutmastertoernoai	Frjentsjer (stedhús)	
4 mrt	Wrâldkampioenskip FRYSK!	Frjentsjer (stedhús)	
6 mrt.	13.30 Hartwert, 55+	opjaan foar 5 mrt. 19.00 oere	
16 mrt	Fluchdamkampioenskip, Switsersk systeem	Hartwert, oanfang 19.15 oere	Z
20 mrt.	13.30 oere Hartwert, 55+	opjaan foar 19 mrt. 19.00 oere	
27 mrt	Hartwert, 55+ 13.30 oere	opjaan foar 26 mrt 19.00 oere	
3-13 a.	Nederlânsk kampioenskip	Harns	
6 apr.	Klubhús SieSa Blauhús, finale Fryslân Kup + Kampioenskip froulju, opjefte wiersmafedde@gmail.com	19.00 oere. Opjefte FRYSK 13 apr. Fan 19-21 oere by B. Kroon 06-22684264 of <i>b.h.kroon@hotmail.com</i>	
17 apr. etc.	Eltse tiisdei Simmerdamjen 13.30 Hartwert, 55+	Organisaasje, Piet Sikma, 0515-569561	
3 - 10 aug.	Wrâldkampioenskip Frysk damjen	Ljouwert	

55+ damjen opjaan by Piet Sikma 0515-569561